

## verhaal 52

By ús yn tsjerke. Yn 2008 hie de tsjerkerie it beliedsplan 'De tiden feroarje, de tsjerke feroaret mei' makke. Tolve tsjinsten yn 't jier soene eigentalich wurde. It hie oars gâns fuotten yn 't gat hân, mar lang om let liket it no sa fier te wêzen. De Hollânske dichter Ed Hoornik (1910 -1970) dichte: 'Niet in mijn dorpen en mijn elf steden, niet in mijn meren en mijn heerlijkheden. ben ik het meest mijzelf, maar in mijn taal, het instrument waardoor ik ademhaal.' Sûnder taal gjin sykheljen, sá sterk wiene dichter en taal mei-inoar ferbûn. Hoe't fandatoangeande it lân te uzes yn tsjerke leit? Frij algemien wurdt ús taal fan tsjerkerieden net goedernôch achte foar de sneintemoarn, dat Hollânsk is ornaris de taal fan preekstoel en tsjerkebank. En de Hear harket en ferstiet alles, Hy hat dy taal folslein yn 'e macht: 'Looft God, want Hij spreekt onze taal.' Dát neffens lied 319 út myn âld Liedboek fan 1973. De CDA-deputearre mr. Sytske Poepjes lêstendeis: 'De Fryske taal en kultuer binne wichtige dragers fan ús identiteit, fan wa't wy binne.' Sá sterk is foar de bestjoerster de bân tusken har taal en har eigen wêzen, har persoanlikheid. Al wer wat langer ferlyn, skreau ús dichter Gerben Colmjon it noch sterker: 'Sûnder 't Frysk gjin Fryske seden, Sûnder 't Frysk gjin Friezen mear!' En God? Hy kin Him skoan rêde mei Friezene sprake: 'Lof God, Hy sprekt ús taal alhiel' (Lieteboek, 273). Soe it dan net hiel fansels wêze, dat Hy sneintemoarns love, priizge, oanbean wurde soe yn de taal, dy't Hy en wy mienskiplik hawwe, yn de taal dy't Hy -oars as fierwei de measte tsjerkerieden- goedernôch dêrta achtet? Wat ús taal oangiet sit de PKN-tsjerke te Bitgum e.o. mei tolve eigentalige preken yn 't jier yn Fryslâns foarein. Koartby hawwe wy noch songen fan 'eerlijk zullen we alles delen' mar de ferdieling fan beide talen oer de 52 sneintemoarnen yn 't jier is net earlik. Dy koe wol earliker. In brief mei it fersyk om dêroer te praten leit by de tsjerkerie.

Bertus Jans Postma, Bitgummole.